



radijs met boven de cast als groep in actie, midden links regisseur Paul de Ket met megafoon, midden rechts Dragan Bosch en onder Margreet Boersbroek en Steyn de Leeuwe als Teunis en Cato.
boxem (overige en cover)

Jelle en de bom

Koart ferhaal

Jabik Jans

It frommiske oan it taffeltsje neist Jelle siet drok op har mobyltsje te tikjen. Soks is hiel gewoan tsjintwurdich. Earti-ids sei men earst goemoarn tsjin jins buorlju yn de ytseale fan in hotel mar hjoeddeis sit elk mei de holle foardel op sa'n ding te sjen. Jelle rûn nei it buffet om wat sinesappelsop. Der stie sa'n út-knypapparaat en dan hat men yn alle gefallen echt 'fruitsap', sa't de Flaamske faam dy't foar kofje en tee soarge it neamde. Yn 'e measte hotels yn Brussel kriget men fan dat soere giele guod út in pak of fleske en dat is oan Jelle net beste-ge. Jus d'orange of gewoan sjú neame se sok spul meastal. No, Jelle hat leaver echt sinesappel-sop. Dêrom besiket er altyd in keamer yn dit hotel te krijen as er nei Brussel moast mar dat falt net altyd ta. It stiet mar hûndert me-ter fan it Schumanplein ôf dêr't

Hja liet Jelle op har mobyltsje sjen; der hiene krektlyn oanslaggen west op Zaventem

de grutte kantoaren en sealen fan de Europeeske Kommisje binne en leit dêrom tige gaadlik. Jelle sette syn glês mei drinken op 'e tafel doe't it frommiske samar begûn te praten: „Have you heard about the bombing?” Jelle wist fan neat. Hja liet Jelle op har mobyltsje sjen; der hiene krektlyn oanslaggen west op Zaventem, it fleanfjild fan Brussel. Guon hienen it oer hûnderten deaden en oaren seinen dat der mar ien stjergefal wie. Jelle krige yn 'e rekken dat syn buorfrou út Nederlân kaam: guon berjochtsjes op har mobyl wienen yn it Hollânsk. Foaral by sok raar nijs praat it dan wat makli-ker. Doe kaam it gefal ek al op de tillevyzje. Zaventem wie in kilome-ter of fyftjin by it Schumanplein wei, dat fan de oanslaggen soe hjir wol net folle te merkbiten wêze.

Nei de moarnsbrogge pakte Jelle syn kofferke yn, betelle de rekken en rûn rêstich nei it Schu-manplein. It wie goed njoggen oere en om healwei tsienen soe syn gearkomste begjinne. Yn de fierte wie it lûd fan sirenes te hearren. Plysjesfolk en sikeweinen soenen wol drok dwaande wêze mei de swierrichheden op it fleanfjild. It die bliken dat it fer-kear folslein fan slach wie. Alles stie suver stil. Jelle hie der efkes oan tocht om troch it metrostas-jon nei de oare kant fan it plein te gean. Dan koe er ek noch neigean wêr't er de jûns krekt opstappe moast. Mar no't it ferkear dochs stil stie, koe er wol tusken de auto's stie krekt wrotte nei de oare kant. De sinne skynde en it waar wie folle noflikker as de lêste wi-ken it gefal west hie.

Ynienen wie it allegearre sire-nes: plysjes, sikeweinen en solda-ten. Jelle seach op syn klokje: it wie sawat kertier oer njoggenen. It wie net te leauwen wêr't it folk sa gau wei kaam. Alles by de ge-bouwen fan de Europeeske Kom-misje waard ôfset. Gjinien mocht mear de tunneltsjes fan it metros-tasjon yn. It wie dat Jelle der al stie, oars hie er net iens mear oer it plein kind. Fernuvere stie er it saakje oan te sjen en al gau krige er yn 'e rekken dat er hjir net

mear wolkom wie. It wie ek hast tiid foar de gearkomste. Dy wie yn in seal fan in grut hotel krekt oan de westkant fan Schuman. Sokke sealen waarden wol faker brûkt as der gjin romte mear wie by de Kommisje. Soldaten wienen drok dwaande om de wei foar it hotel ôf te setten mei grutte sketten. Sa wie der gjin tagong mear nei it plein mei de Europeeske gebou-wen. De minsken dy't al yn it hotel wienen mochten net iens mear nei bûten ta.

Yn it hotel hearde Jelle dat om alve minuten oer njoggenen in oanslach west hie yn it metrostas-jon Maalbeek, in pear hûndert meter foar it stasjon Schuman. De terrorist hie him wierskynlik fersind, want Schuman hie foar him in folle gaadliker doel west. De minsken yn 'e seal wienen bot fan 'e wize. It hie net folle skeeld of hja hienen ek yn dy metro sitten. Ek Jelle hie foar itselde mei dy metro moatten, want dy rint tusken it sintraal stasjon en it Schumanplein. Hy besocht syn Antsje te skiljen mar dat foel net ta: de ferbining foel hieltyd wei. Eintsjebeslút krige hy har der dochs foar: „Sit der mar net oer yn, ik bin der noch.” Antsje wist lykwols wol fan de oanslach op it fleanfjild mar net fan dy yn de metro. „Wat dochst dêr ek yn sa'n bûtenlân!”, sei hja fan klearebare argewaasje. Doe kaam it berjocht dat de tillefoantsjes net mear brûkt wurde mochten. De helpts-jinsten hienen alle ferbinings nedich. Ek alle treinen, bussen en de metroferbinings waarden stil-lein. Net ien mocht mear nei bû-ten ta dêr yn Brussel.

Trochgean mei de gearkomste koe ek al net. Fan de hûndert man dy't komme soenen sieten mar fiifentwintich yn de seal. Guon stjoerden in sms-berjochtsje dat se fêst sieten yn kantoaren in pear hûndert meter fierderop. Grutte soargen hienen se dat guon diel-nimmers omkommen wienen by de oanslaggen. De foarsitter spruts wurden fan soarch en joech

Fernuvere stie er it saakje oan te sjen en al gau krige er yn 'e rekken dat er hjir net mear wolkom wie

oan dat de dielnimmers ûnderino-ar wol saken trochprate koenen no't se dochs net nei bûten moch-ten. Goed tolve oere waard wat iten klear set. Doe't dat behimme-le wie waard meidielt dat der in mooglikheid wie om dochs noch fuort oer wat lytsere strjitsjes rjochts fan it hotel. Jelle mocht mei in Nederlanner yn de auto werom want mei de metro en trein koe it neat wurde.

„Do moast wol in ingelbewar-der op it skouder hawwe” miende Antsje doe't Jelle wer thús wie. Jierren earder hie er mei in âld fleantúch, in Dakota, in tochtsje fan Eelde oer it Skiermûntseach makke. In pear wike letter wie it ding delstoart by Teksels en net ien hie dat oerlibbe.

Gaadlik geschikt
Yn 'e rekken in de gaten
Merkbite merken
Moarnsbrogge ontbijt
Wrotte wroeten
Fersinne vergissen
Fan 'e wize van streek
Argewaasje ergenis
Behimmelje oppeuzelen